

## Ûnderweis

*ik ha alhiel neat net te kleien  
eins giet it alles wol bêst  
mar faak dan brant it my yn  
mis ik de rêst*

*dan brek ik út de patroanen  
gean ûnderweis  
fier fan de grutte ikoanen  
út dit kristallen paleis*

*ik swalkje leafst oer de ierde  
frij fan alle besit  
it measte kin ik wol misse  
dat ik hjir efterlit*

*dan gean ik nei fiere lannen  
en sykje ik om it bern  
werom nei it ferline  
dêr ha ik it lang lyn ferlern*



*optreden in Huzum*

*Ik wol wer sjonge en dûnsje  
ferjit it lege bestean  
fan ûntefreden gesichten  
en lju dy't nergens foar gean*

*ik wol de waarmte fiele  
de sinne op myn gesicht  
stadich de blabber ferlieze  
fan it domme gewicht*

*ik swalkje leafst oer de ierde  
alles brûst yn myn lea  
wol libje foardat ik stjer  
net wachtsje op de dea*

*dan brek ik út de patroanen  
en gean ik ûnderweis  
ferjit de grutte ikoanen  
fan dit kristallen paleis*



**Ynformaasje en boekings  
Programma Pilgrimaazje**

**Piet Herrema  
aherrema5@gmail.com  
tel. 0511-461358**

# Programma Pilgrimaazje



*Tsjirmerij en Sytse van de Werf*



## Ynhâld programma



Het leven is een pelgrimstocht. Dit thema loopt als een rode draad door het programma: fietsen of lopen naar Santiago de Compostela, Rome, bijzondere ontmoetingen, diepe indrukken, de tocht wel of niet afmaken, het leven dat rake klappen uitdeelt.


Zo vormen de liedjes, gedichten en verhalen een staalkaart van lief en leed, uitgedrukt in beeldende

teksten maar ook in verstilte en swingende instrumentale nummers.

Door de teksten van Sytse te combineren met de kenmerkende Tsjirmerij-folksound krijgen zijn nummers een verrassend klassiek of juist nieuw tintje. Samen vertellen en zingen de vier mannen over hun eigen ervaringen in een wereld die steeds gekker lijkt te worden.

### *Sytse van der Werf*

Sytse van der Werf is al jaren bezig met het schrijven van muziek. Vanaf de 70-er jaren van de vorige eeuw treedt hij regelmatig op met zijn liederen, verhalen en gedichten. In 2005 kwam zijn eerste CD uit onder de titel 'Ljocht en Skaad'. Zijn tweede CD 'Ûnderweis' verscheen in 2009. In datzelfde jaar werd Sytse gekozen tot 'wâlddichter/sjonger' van de gemeente Achtkarspelen.



*Sytse van der Werf*

### *Tsjirmerij*

Tsjirmerij bestaat uit Bert Otten (accordeon en trekzak), Wim Hobers (gitaar, banjo, mandoline) en Piet Herrema (doedelzak, fluiten, bodhràn).

De groep is één van de oudste folkgroepen in Fryslân en bestaat nog steeds uit dezelfde bezetting als toen. Gedurende het dertigjarige bestaan heeft het trio concerten gegeven in verschillende Europese landen, waarbij Ierland de favoriete bestemming was.



*Tsjirmerij*

Hjirûnder de resinsje fan Arjen Hut yn it Friesch Dagblad fan de utfiering fan us programma Pilgrimaazje yn Uniastate Bears op 14 septimber 2014.

## Ofsluting en nij begjin op in snein yn Bears

### Resinsje

Arjan Hut

*In snein yn Bears, yn in tsjerkje treedt de folkgroep Tsjirmerij op. It is de ôfsluting fan Tsjerkepaad 2014 dat as tema Pilgrimaazje hoe. Tsjirmerij hat wol in hiel bysûndere gast regele. It is de sjonger en ferskeskriuwer Sytse van der Werf, dy't lang net mear optreden hat. In nij begjin?*

*Yn 2009 waard Van der Werf beneamd ta Wâldsjonger, oftewol gemeentedichter en –sjonger fan Achtkarspelen. Op dat stuit hier er al in fearnsjier as trûbadoer aktyf west. Oan de ein fan datselde jier waard er troffen troch in beroerte. Op syn webside seit de muzikant dêroer dat it der goed ynhakte. 'Ik bin der aardich fan hersteld, mar it spyljen op de gitaar is sûnt dy tiid i probleem'.*

*Krekt as manlju fan Tsjirmerij - Bert Otten (akkordeon), Wim Hobers (gitaar, banjo, mandoline) en Piet Herrema (lillepiip en fluiten) – lizze de woartels fan Van der Werf yn Burgum. Dochs ha se nea earder meimekoarspile. Hja hawwe om it tema Pilgrimaazje in programma gearstald mei ferskes ut it oeuvre fan allebeide oanfolle mei gedichten en ferhalen. De âld-Wâldsjonger dy't al jierren yn Kûbaard wennet is fansels it meast senuweftich. Hy hat al de gitaar derby, mar docht de stimme it noch en komt der wol wat folk?*

*As de muzyk begjint, sitte der sa'n san-*

*tich harkers, Wat ûnwennich stapt de Kûbaarder nei de mikrofoan, mar it duorret net lang, of de ferskes en de ferhalen rôlje fan it poadium ôf de tsjerke troch en alles docht wat it dwaan moat. 'Druk, druk, druk' hjit it earste ferske. Ut en troch kin Van der Werf efkes sitte, as de, as de hearen fan Tsjirmerij losgeane op in moai swingend ynstrumintaal nûmer.*

*Sawol Van der Werf as Wim Hobers ha op pylgerstocht west, de earste op de fyts en de twaade te foet, Beide fertelle der âdersmaaklikst oer. Hobers fertelt oer de foeterjende Hollanners dy't him foarbysjeesden en in man yn in kafee yn Luik, dêr't men om healwei achten moarns al oan it bier sit en fan kofje gjin sprake wie. Van der Werf hearde muzyk by alle lânskippen dy't er seach. In reis fan wiken, mei allerhanne yndrukken en aventoeren, en dan yn in flits mei it fleantúch werom nei hûs.*

*Gloedfolle, tapaslike lieten as 'Donkere kralen', 'Myn thús' en 'Underweis' komme foarby, in traktaasje foar de oanwêzigen. Dat jildt ek foar de 'Kust fan de dea' mei in tekst ynspirearre op de Costa del Morte, foarby Santiago de Compostella, ea beskôge as it ein fan de wrâld. It lêste ferske 'Oanstellerij' lit hearre dat net elkenien sa'n pylgerreis begrypt. In treflike humoristyske ôfsluter fan in gelegenheidskombo dat hooplik faker spylje sil.*

Tsjirmerij + Sytse van der Werf,  
Uniastate, Bears